



# FOARÚT SJEN

(Blik op eindig)

lenakter

fan

ARIS BREMER

Fryske oersetting

Betty Schilstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **FOARÚT SJEN – BLIK OP EINDIG** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ARIS BREMER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2016 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet:** [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

**E-mail:** [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **2** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,**  
**Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.**  
**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **SPILERS:**

Cora - In folslanke frou fan middelbere leeftyd, widdo fan Willem

Ireen - In wat jongere slanke frou. Noch mar krekt in relaasje mei Wouter

## **DEKÔR:**

In camping, dêr 't it in wike reind hat. De suggestje fan twa tinten neist elkoar; twa flappen tintdoek kin al genôch wêze. Foar beide tinten in taffeltsje mei ien stoel. Alles by de tinte fan Cora is al jierrenlang brûkt. Alles by de tinte fan Ireen is gloednij.

Op beide taffeltsjes stiet in identike âlde beskútbus.

By de tinte fan Cora stiet in folle jiskepûde en op 'e grûn lizze hjir en dêr lege blikjes.

Foar de tinte fan Ireen is it skjin en opromme.

*(fan beide tinten giet tagelyk de rits iepen. Ut beide tinten komt in hân om te fielen as it noch reint. Cora en Ireen komme nei bûten. Harren bleate fuotten sykje en fine de ynstappers. Beide dogge in stap fierder nei bûten en sjogge nei boppen. Cora yt oan ien wei oan snoppersguod út in blik)*

**CORA:** Net te leauwen, it reint net mear.

**IREEN:** It is droech.

**CORA:** Ik tocht al, wat hear ik no. Ik hear it net mear reinen. Tagelyk hearde ik jo roppen dat it droech is...

**IREEN:** Ik ha net echt roppen.

**CORA:** O, echt wer wat foar my om te tinken dat jo... Jo moatte witte, ik hear somtiden stimmen, dat ha je, hin, as je altyd allinne binne. Dan ferbyldzje je je fan alles. No ja, it is droech.

**IREEN:** Fine jo dat sa bysûnder?

**CORA:** Nei in bui fan in hiele wike fyn ik dat bysûnder, ja. Ik stean hjir al in wike.

**IREEN:** Wy krekt in dei.

**CORA:** Wy?

**IREEN:** Wy.

**CORA:** As ik fakânsje ha, reint it. Ik wit net wat it is, mar ik lûk reinwetter oan, leau 'k. Willem sei wol es dat we mar nei de Sahara emigrearje moasten. Dan koe ik der noch wat oan fertsjinje. Krekt wat foar Willem om dat te sizzen.

**IREEN:** Ik sil jo net tsjinhâlde.

**CORA:** Wat? Ik nei de Sahara? Ik sjoch my dêr al sitten mei myn sinnekseem. Dêr ha jo gjin lêst fan sa te sjen.

**IREEN:** Wêrfan?

**CORA:** Sinnekseem. Ik wit net wêr 't jo dat kleurke opdien ha...

**IREEN:** Nee, dat witte jo net.

**CORA:** Mar ik gun it jo wol, hear.

**IREEN:** Tanke.

**CORA:** Ik snak nei de sinne, mar mear om de waarmte. As jo es wisten wat foar in tiid ik achter de rêch ha! Dat wolle jo net witte.

**IREEN:** Yndied.

**CORA:** Dat sis ik dan ek mar net. Ik bin nammentlik widdo. *(it blik mei snoppersguod is leech, se goait it op 'e grûn en trapet it fanatyk plat, in aksje dy 't letter mei elk leech blik ek sa dien wurdt)*

**IREEN:** *(fielt har net maklik)* Och, jo binne widdo...

**CORA:** Al in heal jier.

**IREEN:** It spyt my.

**CORA:** Of krekt in heal jier. Dat fielt elke dei oars. Gek wurd, hin, widdo. At je dat tsien kear achterelkoar sizze, leaust net dat it echt bestiet. Mar ja, wêrom soenen je it ek tsien kear achterelkoar sizze.

**IREEN:** Ja, wêrom soenen jo?

**CORA:** Momint (*dûkt har tinte yn*)

**IREEN:** (*foar har út*) Dus.. dit is kampearje. Wat in rattelmasine. Bin 'k moai klear mei. (*Cora komt werom mei in mij blik mei snobbersguod, makket it iepen en yt wat op*) Jo ha wol sin oan wat, sjoch ik.

**CORA:** Hielendal net, mar it moat op. Ik wurd der hartstikke segrinich fan.

**IREEN:** Jo wolle fan it snobjen ôf?

**CORA:** Nee, ik wol fan dat blik ôf. Hâlde we it droech, tinkt jo?

**IREEN:** Ik soe it net witte.

**CORA:** Siet de sinne mar yn in blikje, dan wie it gau iepen. Jo brún komt net út in blikje seker?

**IREEN:** Nee, en ek net út in potsje. Sorry (*dûkt har tinte yn*)

**CORA:** (*praat troch*) Willem mocht dêr graach oer, brúne slanke froulju. Dat fûn er moai. Willem... Ik wie meastentiids net sa brún as hy wol woe. Wol slank. Dat soenen je no net mear sizze, mar ik wie altyd superslank. Willem hie in hekel oan dikke froulju.

**IREEN:** (*út de tinte mei har telefoan, test him yn alle stannen*) Ha jo hjir eins wol berik.

**CORA:** Wat ik berikt ha? Ja... eins net safolle.

**IREEN:** Ik ha hjir amper üntfangst.

**CORA:** Jo binne hjir ek noch mar krekt in dei. Ik stean hjir al in wike en der is noch net in mins del west.

**IREEN:** Ik bedoel... jo ha doch wol in mobyltsje?

**CORA:** O, in telefoan? Jawol.

**IREEN:** En, kinne jo hjir belje?

**CORA:** Gjin idee. Wa soe ik belje moatte. De bern binne ergens fier fuort mei fakânsje en echt net yn in tinte.

**IREEN:** En se ha gelyk.

**CORA:** Wienen jo dêr ek leaver west.

**IREEN:** Hm.

**CORA:** Wolle jo miskien...? (*hâldt Ireen it blik foar*)

**IREEN:** Wat in leuk blikje.

**CORA:** Fine jo? Ik fyn der neat oan. (*jout it blikje oan Ireen*) Asjeblyft.

**IREEN:** Ja mar...

**CORA:** Ik moat der ôf en wol sa gau mooglik.

**IREEN:** Eins snobje ik net.

**CORA:** Dat die ik ek net, mar doe dat mei Willem gebeurde bin ik der  
mei begûn.

**IREEN:** Mei ik miskien jo mobyltsje even brûke? Ik wol even wat mei  
myn freon ôfprate.

**CORA:** Dus, jo ha in freon. Net troud seker?

**IREEN:** We kenne elkoar noch mar koart.

**CORA:** En jim binne hjir no tegearre?

**IREEN:** Ja, in soarte fan fakânsje. Ja. Hy hat in tinte kocht en dy woe  
hy útprobearje.

**CORA:** En befalt er?

**IREEN:** De tinte of myn freon?

**CORA:** Makket net út. Fertel mar.

**IREEN:** Ik ha myn freon eins wat te fertellen.

**CORA:** Is er fuort?

**IREEN:** Ja.

**CORA:** O! Hy is seker om farske broadsjes.

**IREEN:** Sokssawat.

**CORA:** Dat die Willem ek elke moarn. Broadsjes en de Telegraaf. In  
steapel kranten is wol handich om it yn ‘e tinte wat droech te  
hâlden.

**IREEN:** Eh... Willem wie jo man? (*spile belangstelling*) Misze jo him  
slim?

**CORA:** Willem wie in fantastyske man, myn bêste maat, myn alles.  
Dat ha ‘k allegear yn de advertinsje sette litten. (*koarte stilte*)

**IREEN:** Ja...dêr ha jo goed oan dien. Mar.... soe ik jo mobyltsje ek  
even brûke meie?

**CORA:** O ja, myn telefoan. Momint. (*dûkt har tinte yn*)

**IREEN:** (*smyt it blik yn Cora har jiskepûde en sjocht nei de loft*) Wurdt  
it no wer donkerder of liket dat mar sa...

**CORA:** (*út de tinte mei in earmfol blikken, set dy op it taffeltsje*) Dit  
binne de lêsten. Hè, hè. De ein fan de tunnel mei ‘k wol sizze.

**IREEN:** Mefrou...

**CORA:** Se sizze wol es, dat elkenien in ferlies wer oars ferwurket.  
No, sa ferwurkje ik it.

**IREEN:** Eh... jo mobyltsje?

**CORA:** O ja, sorry, it is hjir ek sa’n soadsje. (*lêst inkele etiketten*) Ik  
moat no even wat hertichs. Nei al dat swiete guod.

**IREEN:** (*ûngeduldich*) Jo ha doch wol ien?

**CORA:** (*makket in blik iepen*) Binne jo bang, dat jo freon wat ferjît?  
Wat foar op ‘e bôle of sa? Willem ferjitte ek altyd fan alles.  
Benammen as hy in blik seach dat er noch net hie. Dan ferjitte hy  
de hiele weareld. As jo noch wat ha moatte... Ik ha hjir noch wol it

ien en oar.. Hjir. In blik mei, wat is it, in soarte fan woarst út Azië (*jout har it iepene blik*) Freegje my net fan hokker bûtenlânsk bist it makke is. O ja, it mobyltsje. Momint. (*dûkt de tinte wer yn*)

**IREEN:** (*foar har út*) Mins, sjit op! Ik wol hjir wei en súnder auto... (*besjocht it blik en rûkt deroan; lûkt in fiis gesicht*) Jasses! (*smyt it blik in de jiskepûde*) Do makkest no in minne beurt, Wouter. (*dwaande mei har eigen telefoan*) En no mar hoopje dat sy in oare provider hat.

**CORA:** (*mei in tas út de tinte*) Hjir moat er ynsitte. (*set de tas op it taffeltsje, pakt út de tas neist wat yntime klean ek noch inkele blikken*) Ferdikke, hjir binne ek noch in pear. (*besjocht de blikken*) Belgysk bier. Hâlde jo fan bier?

**IREEN:** Sa no en dan.

**CORA:** Ik net. Ik krij it net troch de strôte. En sa sit der wol mear yn dy blikken dat ik net les.

**IREEN:** Dan smite jo dat doch gewoan fuort.

**CORA:** Dat kin net! It hat allegear wol jild koste.

**IREEN:** Eh... it mobyltsje?

**CORA:** Sa 't ik sei, dat moat yn dizze tas sitte... (*siket*) At er no mar droech bleaun is. Fannacht kaam it ek wer mei bakken út 'e loft. Ik ha gjin each ticht dien. Ik bin der wol seis kear út west om it wetter fan de tinte rinne te litten. Ik doek wurdt by de stokken sa tin. It is hast fersliten. Elke kear at wy thûskamen fan fakânsje sei ik tsjin Willem: "We moatte de tinte neisjen litte. Dy is hast fersliten". Ah! Dêr is er. (*hâldt in âld model omheech*) Ik leau dat er droech bleaun is. Probear mar even. (*jout har de telefoan*)

**IREEN:** Hiel aardich. Tanke. (*bestudearret it mobyltsje*)

**CORA:** Seit hy: "Wy jouwe gjin jild mear út oan dizze tinte". Der moast wat oars komme. Sa wie Willem. Net goed? Dan moat der wat oars komme. Allinne kaam der nooit wat oars. (*doelt op de telefoan*) Sjoch mar even, jo ha hjir mear ferstân fan.

**IREEN:** Dan moat ik wol jo koade witte.

**CORA:** Koade? O ja, it is ek sa.

**IREEN:** By dit type binne dat fjouwer tekens. Jo namme miskien?

**CORA:** Sis mar Cora.

**IREEN:** Ik hjit Ireen. (*toetst yn*) Nee, Cora is net goed.

**CORA:** O, mar Cora wie syn koade net. Dat wie 'blik'.

**IREEN:** Blik... (*toetst dit yn*)

**CORA:** In nije tinte. Nee. Dat siet der net yn. Och, jo witte hoe 't dat giet. Bern kostje hannen fol jild en dan is der net samar in nije tinte. Lit stean in caravan. Lit stean in bosk blommen. Hy hie my in kear

in ring foar ús troudei tasein, komt er thús mei in blik corned-beef út 'e oarloch.

**IREEN:** Ik tink, dat it slagget.

**CORA:** Dingen sparje kostet jild. Alles watst sparrest. Postsegels, munten, âlde boeken.

**IREEN:** Der is genôch ûntfangst, tink ik. Mei ik?

**CORA:** Wat?

**IREEN:** Wouter belje.

**CORA:** Wouter? O, dat is jo freon. Fansels. Gean jo gong. (*Ireen toets in nûmer yn; Cora praat troch*) No, myn Willem sparre blikken. Wy hienen it hûs fol blik. En dy blikken krijst net fergees.

**IREEN:** (*mei de rêch nei Cora; yn de telefoan*) Hoi, skat, mei my. Moast hearre...

**CORA:** Ferline jier wienen we hjir twa wike.

**IREEN:** Bluuwst net te lang fuort? Ik wol de camping ek wol even ôf, mar sûnder auto... Wouter! (*de ferbining is fuort*) Ferdoarje.

**CORA:** Is der wat?

**IREEN:** Ferbining fuort. Mei ik noch in kear probeare?

**CORA:** Fansels. (*wylst Ireen wer yntoest*) Twa wike reinwetter! Rein, rein, rein. Foar Willem net sa'n probleem...

**IREEN:** Wouter!!

**CORA:** Nee Willem. Hy wie doch allinne mar dwaande mei sammeljen.

**IREEN:** (*yn 'e telefoan*) Even hurd. Bist al wer op wei hjirhinne? (*harket*)

**CORA:** (*foar har út, wylst se wer in blik iepen makket*) En as er wurch wie dan die er syn eagen ticht en sliepte. Dat koe er nacht en dei.

**IREEN:** Wêr bist dan hinne? (*harket*)

**CORA:** Ik net. Ik lei altyd te prakkesearen. Hee, cashewnuten. (*yt*) Willem hie dat net.

**IREEN:** (*yn 'e telefoan*) Ja, dat is in moaie stêd! Komt it ek yn dy op, dat ik dêr miskien ek wol graach.... Wouter!

**CORA:** Nee, Willem.

**IREEN:** Wouter, bist dêr noch?

**CORA:** It slagget seker net sa goed, hin?

**IREEN:** (*yrritearre*) Hy tinkt der niet eins oan, dat ik dêr ek wol es lekker sjoppe wol. Ik besykje it noch ien kear... (*docht dit*)

**CORA:** Hoe kinsto no sliepe, frege ik wol es. No, Cora, sei er dan, eachopslach op ûneinich en ferstân op nul. Dat moat foar dy net al te dreech wêze.

**IREEN:** Ferdoarje! (*de ferbining is net sa goed*)

**CORA:** Ja, en hy wie net altyd like aardich.

**IREEN:** Noch mar in kear...

**CORA:** Krijst toarst fan. Fan al dy nûtsjes bedoel ik. (*skoddet in oar blik*) Dit is yn elk gefal focht. Liket wol Arabysk (*makket in oar blik iepen*) Ja, hy hie skerpe kantsjes. Willem. (*snijt har oan it blik*) Krekt as syn blik. (*sûget op 'e tomme*)

**IREEN:** Ferdoarje, ferdoarje , ferdoarje!!

**CORA:** Moat ik it even besykje?

**IREEN:** Wêrom soe it jo better slagje?

**CORA:** No ja, it is úteinlik myn telefoan.

**IREEN:** Dat makket doch neat út. (*jout de telefoan werom,sjocht dat se bliedt*) Jo bliede.

**CORA:** Wat is syn nûmer?

**IREEN:** (*wiist*) Druk mar op dat knopke, dan kiest er it lêste nûmer.

**CORA:** Soa, kin myn telefoan dat allegear.

**IREEN:** It slagget doch net. Sil ik even in pleister foar jo pakke, dy telefoan sit aanst ûnder it bloed. (*nei har tinte*)

**CORA:** Dat is leaf fan dy. Net langer 'jo', hear. Wy binne no doch buorlju. Moai, datst even in pleister foar my hast.

**IREEN:** (*stiet even stil, séft*) In pleister foar de mûle soe noch better wêze.... (*yn de tinte*)

**CORA:** (*sjocht har nei*) Ik bin bleek, ik bin dik, mar ik bin net dôf. (*yn de iene hân de telefoan, de oare hân op de beskútbus op 'e tafel*) Wat do, Willem. Dyn Cora is net dôf. (*krijt telefoansk kontakt*) Wouter! Wat leuk! Mei de buorfrou! Mei Cora! (*mei de rêch nei de oare tinte, rint der in eintsje by wei, praat dan séfter*) Cora fan de camping... Ja, ik stean neist jim, alhoewol ik mear lis as stean. Al dat reinwetter, begrypst... Nee, der is neat mei Ireen, mar wol mei my. Se hellet even in pleister foar my. Bliuwst even oan de telefoan? Wêr wiest hinne? Nei Dimter? Dêr bin ik ferline jier ek west. Mei de auto. Dat komt... Willem fielde him doe al net lekker, mar hy hie net alle soarten koek yn blik. Wol mei krinten, sûnder krinten, wit ik it, mar ien soart hie er noch net. Flean ik mei my gekke kop yn 'e auto nei Dimter. It wie de hiele dei needwaar. Krij ik op 'e weromreis in oanriding. Net slim, hear. In lyts dûkje. Willem hartstikke lilk. Ik sis, wat sille we no krije? Sels hie er wol tweintich dûken yn dy auto ride, op dat blik wei er net sa sunich. (*Ireen út de tinte mei in ferbândoaze*) Mar it wie net om dy dûk, hear; ik hie it ferkearde blik kocht. Mei sukade hie er al.

**IREEN:** (*sjocht har beljen, bliid*) Is dat Wouter?

**CORA:** (*harket*) Net mear, leau 'k. Nee. (*jout har de telefoan*) Spitich.

**IREEN:** Ferdoarje. Mar do hast wol mei him praten? (*Cora knikt*) Wêr is er, sei er dat?

**CORA:** Op 'e werom reis út Dimter. Moaie stêd. Hiest moai winkelje kinnen.

**IREEN:** Sei er noch mear? Hy hat doch noch wol wat mear sein?

**CORA:** No, nee, eins net. Wol in stille man, seker, dy Wouter fan dy?

**IREEN:** (*jout har de ferbândoaze*) Somtiden is it wol lekker as ien even stil is.

**CORA:** Dat seist no wol, mar myn Willem is foargoed ... stil (*besjocht de ferbândoaze*) Ek al blik.

**IREEN:** Do rôdst dy der sels mei?

**CORA:** Ast noch in kear belje wolst... (*docht de doaze iepen, siket en fynt in pleister en plakt dy op 'e tomme. Yntusken lëst Ireen it opskrift fan de blikjes. Hjirnei meitsje se de blikjes iepen; iten en drinken wurdt op 'e grûn goaid. De lege blikjes wurde ek op 'e grûn goaid en plat trape*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**